



Foarlêze & fertelle

In gearwurking tusken skoalbern en âlderein

TYPE AKTIVITEIT

Foarlêze/ynterview

Gearwurking tusken basisskoalle en soarchsintrum

TEMA

Ferskaat

OANTAL DIELNIMMERS

3 – 5

DOER

60 minuten

PERIOADE

1930 – 1990

SLÛT OAN BY

Dat wie doe sa

ferhalebokjes 2009 – 2014

Sjoch ek op de webside foar de ferhalen

Wa fynt it net aardich om foarlêzen te wurden! Troch ferhalen foar te lêzen en dêrneist te fertellen binne minsken mear belutsen by it groepsbarren en wurde faak ek eigen ferhalen ûntwikkele.

De ferhalebokjes dy't foar *Dat wie doe sa* makke binne meitsje dit op in tagonglike wize mooglik. Fan 2009 ôf binne der ek koarte ferhalen skreaun dy't oanslute by de kanon fan de Fryske skiednis foar it basisûnderwiis (www.11en30.nu). Oan de hân fan dizze ferhalen kinne aktiviteiten opset wurde mei de skoallen yn de regio.

Wat soe it moai wêze as learlingen ferhalen foarlêze en dêrnei mei de âlderein yn petear geane oer it ferline. De fragen dy't as yntroduksje en ôfsluting oanbean wurde by elts ferhaal kinne dêrby helpe. De bern leare der grif in soad fan en mei de âlderein belibje sy in moaie en weardefolle dei!

Genietsje, doch mei én ... meitsje de ferhalen bysûnder!

TARIEDING

1. Nim kontakt op mei in skoalle yn jo omjouwing. Ynformearje nei de mooglikheden fan in gearwurking tusken basis- of fuortsetûnderwiis en it soarchsintrum. Oerlis mei de dosint oer oft learlingen meiwurkje kinne. Meitsje in tiidsplanning yn oerlis mei de dosint.
2. Freegje by de bewenners wa't it aardich fynt om mei te wurkjen oan in ynterview mei skoalbern. In ynterview troch learlingen kin ek mei in oantal bewenners yn in groepke hâlden wurde.


Ynformaasje foar de learlingen

De learlingen moatte in ferhaal tariede, foar harren sels foarlêze om te oefnen, en eventueel beprate yn harren groepke. Ek kinne se ôfspraken meitsje oer wa't de fragen stelt, wa't skriuwt, wa't it petear (eventueel) filmet en watfoar materialen der by nedich binne.

As jo as aktiviteitebegelieder tefreden binne oer alle ôfspraken is it tiid foar it echte wurk!



Learlingen op besite
foar in ynterview yn it
soarchsintrum.



De ferhalebokjes fan *Dat wie doe sa*. Sjoch op de webside Datwiedoesa.nl foar de digitale ferzje fan de ferhalen. Op de webside by produkten kinne de ferhalebokjes downloaden wurde.



Foarlêze & fertelle

DOEL FAN DIZZE AKTIVITEIT IS

It organisearjen fan in foarlêseaktiviteit mei skoalbern en âlderein

WAT JO NEDICH HAWWE

- In ferhaal út de Dat wie doe sa-ferhalebokjes (printe fan de webside of út ien fan de bokjes)
- Foarlêstips (sjoch foar tips oer foarlêzen oan âlderein op www.datwiedoesa.nl)

EKSTRA AKTIVITEIT

Freegje by in museum út de omjouwing oft immen fan it museum lâns komme wol by it soarchsintrum. As mooglik mei in foarwerp dat bygelyks oanslút by in ferhaal út it ferhalebokje. Dêrnei soe de groep bewenners en de learlingen útnûge wurde kinne om ris del te kommen yn harren museum.

Utfiering en presintaasje

1. Soargje foar in aardich ûntfangst fan de learlingen.
2. Sykje in gaadlik plak dêr't in petear hâlden wurde kin. Sykje by foarkar in fertroud plak foar de persoan dy't jim ûnderfreegje (bygelyks de wenkeamer). Dan sil de bewenner makliker en frije prate. Foar in groepke bewenners jildt faaks dat de mienskipromte geskikt wêze kin.
3. Stel de learlingen en de âldere oan mekoar foar.
4. Hâld de tiid yn 'e gaten en jou de learlingen de romte om fragen te stellen.
5. Betank elkenien foar it meiwurkjen.

Tips foar de learlingen

1. Betink koarte fragen dy't begjinne mei hoe, wat, wêr, wêrtroch, wannear en wêrom.
2. Kom op 'e tiid yn it soarchsintrum en stel jinsels foar. Soargje derfoar datst der kreas útsjochst, want de earste yndruk is it belangrykst. Ferjit net de bewenners oan te sprekken mei 'jo'. Begjin om yn de sfear te kommen earst efkes oer fan alles en noch wat te praten. Fertel dêrnei yn it koart noch de bedoeling fan de opdracht. Sjoch foar mear tips op de webside datwiedoesa.nl.

3. Nim it ynterview op (as dat mei) en meitsje by it ynterview oantekeningen. Freegje ek oft jim de namme fan de persoan brûke meie.

Presintaasje op skoalle *ekstra foar de learlingen*

Bewurkje de opnames ta in koarte fideo fan maksimaal 5 minuten. It kin wêze dat jim by it bewurkjen noch fragen hawwe. Freegje dêrom oft it goed is dat jim dan noch ris delkomme of belje om dy fragen te stellen. Wachtsje net te lang mei it bewurkjen fan de opnames.

Presintearje de fideo oan jim klasgenoaten. It útwurke ynterview litte jim fansels ek sjen oan de persoan dy't jim ynterviewd hawwe.

Grutsk op jim fideo? Gean dan nei www.skiednisklip.nl en set 'em yn de skiednisklip-app, meitsje kâns op moaie prizen!



Sjoch foar mear ynformaasje oer de kanon fan de Fryske skiednis op www.11en30.nu.

